

Goed Frysk op skoalle: in bernerjocht

As it op it learen fan de eigen taal oankomt, steane der minskerjochten op it spul. Dat jout ferplichtingen – en mooglikheden. Op 22 desimber is de binnenstêd fan Ljouwert it toaniel fan in grutte publyksaksje foar better Frysk ûnderwiis.

Eins is it hiel ienfâldich. Underwiis yn de memmetaal is djip ferankere yn robúst ûndersyk likegoed as yn withoefolle minskerjochten. Wichtige dokuminten omfetsje de *Universele Ferklearring fan Taalrjochten* fan de Feriene Naasjes, de *Konvinsje foar de Rjochten fan it Bern*, it *Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden*, de *Ynternasjonale Oerienkomst oangeande Sivile en Politike Rjochten* en it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen*.

Diel III, kêst 8, lid 1 fan dat lêste ferdrach, meastal koart ‘it hânfêst’ neamd, ferplichtet de Nederlânske steat en fangefolgen ek de legere oerheden, en dêrûnder op it foarste plak de Provinsje Fryslân, ta it folgjende. De oerheden moatte soargje ‘for the teaching of the relevant regional or minority languages as an integral part of the curriculum’, op basisskoallen likegoed as middelbere skoallen.

Yn rûne taal betsjut dy bepaling ûnder mear dat Frysk ûnderwiis yn de hiele provinsje oanbean wurde moat, as in folweardich fak, mei helder formulearre, dus te hifkjen, minimumeasken oan ûnderwiis en eintermen, oftewol oan it te beheljen nivo fan kennis en feardichheden, op alle skoallen. En sa is it ek fêstlein yn de Wet op it primêr ûnderwiis, kêsten 4 en 6.

Kearndoelen

Lykwols is de praktyk hiel oars. Wat dalik opfalt is dat de kearndoelen foar it Frysk, dus wat in learling oan it ein fan syn skoaltiid fan de taal witte en kinne moat, net troch de Provinsje útwurke binne nei konkrete leardoelen sa’t dat wol dien is foar it Nederlânsk en foar rekkenjen. Wol is der – sûnt april 2015 (!) – in saneamd ‘referinsjeramt Frysk’ (rrF) om de taalbehearsking fan learlingen mei te mjitten. Allinnich, dêrby wurdt net útgien fan de Nederlânske referinsjenivo’s foar taal, mar fan it Europeesk Referinsjeramt foar moderne *frjemde* talen.

It Frysk te ûnderwizen as ‘frjemde taal’ makket it mooglik om learlingen te ûnderskieden nei ‘kwaliteit’, nammentlik guon mei foarkennis fan ’e oanbelangjende taal (de fan hûs út Frysktaligen) en guon sûnder (de fan hûs út Hollânsktaligen). Soks jout de mooglikheid fan ferskate, fleksibele of legere eintermen foar elk bern apart. Ien fereaske nivo is der net, wylst ús maatskippij by alle oare fakken, en yn alle gefallen by it Nederlânsk, sokke easken wol stelt. Sa besjoen is it fak Frysk gjin ‘integral part of the curriculum’: yn ’e normearring diskriminearret it bern op arbitrêre grûnen. Bern mei in achterstân wurde wol ‘meinaam’, sa’t soks hjit, mar krije gjin ekstra omtinken, want hoege ommers dochs hast neat te witten en te kinnen. It fak docht der net ta en de learlingen wurde net serieuus naam. Dat allegear is sûnder mis yn striid mei de geast fan de wet en it hânfêst.

It rjocht fan Frysksprekkers op ûnderwiis yn de eigen taal is net mear as in doekje foar it blieden, as dat net ynhâldt it rjocht op *goed* ûnderwiis, dat neffens skoaltype en learjier foar

elk gelyk normearret. Mar blykber leit it fêststellen fan sintrale, betsjuttingsfolle kearndoelen foar Frysk ûnderwiis yn Provinsjale Steaten gefoelich. Dêr wurdt al jierren om de hite brij hinne draaid, nammentlik de brij fan de Nederlânske ienheidspolityk, dy't de Nederlânske taal ta de iennichste noarm makke hat. It komt der op del dat de Provinsje de lykweardigens fan it Frysk oan it Nederlânsk, en de lykweardigens fan de rjochten fan bern mei de Fryske en de Nederlânske memmetaal, net erkent.

Polityk útsjoch

Krekt dat meie wy net tastean. Sûnder sintrale, betsjuttingsfolle kearndoelen fan de Provinsje komt der gjin betsjuttingsfolle ûnderwiisynspeksje, sûnder betsjuttingsfolle ûnderwiisynspeksje kin der gjin kwaliteitsbyld ûntstean, en sûnder kwaliteitsbyld is der gjin polityk útsjoch op maatregels: stappen rjochte op it realisearjen fan ferplichte, provinsjebreed, goed ûnderwiis yn de Fryske taal, lykweardich oan dat yn it Nederlânsk. Wy binne der net as wy allinnich mar útdrage wat al berikt is, en hammerje op wat berikt wurdt. It is like belangryk om de minsken bewust te meitsjen fan wat bern en âlden yn Fryslân noch altyd ûntkeard wurdt: it rjocht op goed ûnderwiis yn har memmetaal.

Dat de âlden fan de learlingen dêr sels net om roppe soene, is noait ûndersocht – mar it soe gjin wûnder wêze. Nederlânsk ûnderwiis is al sa lang de status quo dat men mar oannimt dat dêr in goede reden foar is. Dat de boarger der net om freegje soe is boppedat gjin reden om gjin ambysjeus taalbelied te fieren. Generaasjes, ieuwen Hollânske en Nederlânske taalpolityk hawwe in protte Friezen net inkeld fan har rjochten berôve; sels it idee al dat se taalrjochten hawwe soene, en dat dy belangryk foar har binne om't se de frije ûntjouwing fan it yndividu befoarderje, binne guon dêrtroch kwytrekke.

It is goed te witten dat der al yn 'e tweintiger jierren fan de foarige ieu pedagogyske ûndersiken wiene dêr't út bliken die dat bern it bêst en it fluchst leare yn de taal dy't se prate. Noch yn de fyftiger jierren wie it 'best practice' dat learlingen mei de Fryske memmetaal net fóar de twadde klasse, dus mei sân jier, en leafst sels net foar de fjirde klasse foarsichtich oan de Nederlânske taal begûnen. Wêrom it der dan no mar by litte dat Frysktalige bern mei in tebeksetter oan it libben begjinne? In tebeksetter dy't, sa't ûndersyk sjen lit, wol yn te heljen is as men sjocht nei technyske taalbehearsking, mar faak net mear goed te meitsjen dêr't it om it taalbelibjen as identiteitsaspekt giet.

Foar in Hollânsktalich bern yn Fryslân is der ommers gjin probleem: dat leart gewoan goed Nederlânsk. Dat leart oer en yn syn eigen taal, dat wurdt bekrêftige yn syn taal: hy sprekt 'goed'. Foar in Frysktalich bern yn Fryslân leit dat hiel oars. Dat moat ynienen net allinnich Nederlânsk leare, mar ek yn it Nederlânsk leare en yn dy taal sizze kinne dat it 'meertalig' is. Mar oer syn memmetaal stekt it mar in lyts bytsje mear as neat op. Dat is it twadde punt dat striidt mei ynternasjonale ferdraggen. Frysk wurdt op syn bêst ien oerke yn 'e wike jûn, wylst út in stúdzje fan Mercator yn 2009 al bliken die dat der fjouwer oant seis oeren yn 'e wike noadich binne om te foldwaan oan de easken fan it hânfêst.

Bern ynternalisearje de sosjale minderweardigens fan har taal as part fan har identiteit. Koartsein, it tastean fan in ûnderskode posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis, sûnder dat learlingen of âlden dêr ynfloed op hawwe, is in foarm fan diskriminaasje dy't in permaninte ûngelikens opsmite kin. Dat makket dat de Fryske taalstriid noch altyd emansipaasjestrind is. It trijetalich ûnderwiis is mooglik in antwurd – lykwols, om't der fierstente min fan sokke skoallen binne (sa'n fjirtich, hast allegear basisskoallen), sadat lang net alle bern yn Fryslân

dêr gebrûk fan meitsje kinne, en om't it Frysk ek dêryn noch mar in benaud lyts plak ynnimt, is it ek in ûnderwiisfoarm dy't it probleem net fûneminteel oplost.

Net genôch

Om't troch de oerheid skoepen ferskillen yn útgongssitewaasje yn it libben tusken minsken as ûnwinsklik, ûnearlik en ûnetysk beskôge wurde, binne ynternasjonale beliedsrjochtlinen fêsteld. Dy wize regearingen en provinsjale oerheden derop dat hjir in rjocht op it spul stiet en dat sy ferplichtingen hawwe.

Wy fan de boargeraksjegroep Sis Tsiis – Foar Frysk Underwiis dogge datselde. Tajûn, op in wat beskiedener skaal. Us boadskip oan de polityk yn Fryslân is ienfâldich: wat der al dien wurdt is belangryk, mar net genôch. De sitewaasje sa't dy hjoed is, is yn striid mei de minskerjochten wylst ynternasjonale ramten en ferdragen hanfetten biede om de rjochten fan elk bern yndie te respektarjen – dêr moatte wy nei ta. Us boadskip oan de befolking is: hjir is in kâns op feroaring. Op ferbettering.

Wy wolle de minsken útnoegje om op 22 desimber nei it Saailân yn Ljouwert te kommen, de jûns om 19.00 oere. Dan geane wy yn optocht troch de stêd, mei fakkels, rattels en byneed mei jiskefetdeksels of in hiel korps, yn de alderearste positive publyksaksje foar mear en better Frysk ûnderwiis, mei it biedwurd: Frysk ûnderwiis – in bernerjocht!

*

Boargeraksjegroep Sis Tsiis
17 novimber 2016